

13-09-1993

By de wurkbesites fan ús kolleezje oan'e doarpen hawwe wy de ôfrûne jierren fan de kant fan de doarpsbelangen gauris heard: "Wannear dogge jimme wat oan'e plaknammebuorden? It is in griis sa't guon der by stean".

Yn ús andert hawwe wy oant no ta altyd sein: "Wy wolle graach earst it Frysk Beliedsplan fêststelle omdat der dan sicht is op hokker wize wy op langere termyn yn ús gemeente mei de Fryske taal omgean wolle". Ut de fierdere petearen mei de ferskate doarpsbelangen is ús dúdlik wurden dat hja fine dat net de tekst op'e buorden it wichtichste is - de mienings hjiroer yn'e doarpen binne net ienriedich - mar wol de ferfangen fan de skeinde buorden. Wy binne it der mei iens dat der op koarte termyn wat barre moat. En dat kin no ek!

Mei it fêststellen fan it Beliedsplan Frysk op 17 maaie l.l. hat de ried oanjûn op hokker wize it brûken fan de Fryske taal yn ús gemeente befoardere wurde kin. It plan is bedoeld as it fûnemint dêr't fierder op boud wurde kin en ien fan de boustiennen is no: de plaknammebuorden. Op himsels net sa'n dreech kerwei. De ried makket de kar Frysk of Nederlânsk en dan binne wy der út! Mar sa simpel leit it net. Foar it meitsjen fan in lykwichtige kar moat rekken holden wurde mei ferskate belangen. Wurde yn oare parten fan de wrâld maatskiplike skelen letterlik op de punt fan it gewear útfochten, yn ús demokratysk bestel jilde lokkich oare noarmen. Us ferantwurdlikens easket fan ús dat wy besluten nimme dêr't, as it efkes mooglik is, in elkenien efter stean kin en dêr't yn elts gefal sa folle mooglik stipe foar is.

De fraach dy't no oan de ried foarlein wurdt is: wat taal moat brûkt wurde op de plaknammebuorden fan'e doarpen? Wy binne fan miening dat der fjouwer mooglikheden binne:

1. yn't Frysk (sûnt 26 maaie 1975 yn it eartiidske Baarderadiel it gefal);
2. yn't Nederlânsk;
3. yn't Frysk en Nederlânsk en
4. yn't Nederlânsk en it Frysk (de gebrûklike sitewaasje yn it eartiidske Hinnaarderadiel).

By it meitsjen fan in kar moat ûnder mear rekken holden wurde mei de neifolgjende punten:

- a. de suver prinsipiële kant (wy wenje yn Fryslân, dus moat op de buorden allinnich Frysk);
- b. de ekonomyske kant en ek min of te mear prinsipiël, (net allinnich Frysk omdat de klanten fan'e bedriuwen, it toeristysk ferkear en oare net Frysktaligen harren better oriïntearje kinne) en
- c. de kosten kant (sjoen de finansjele posysje fan ús gemeente).

Yn ús Beliedsplan Frysk wurdt útgongen fan twataligens. Yn it plan wurdt ûnder punt 2.3 sein, dat hjirfan ôfwykt wurde kin foar de gefallen wêr't dûbeltaligens winsklik achte wurdt. Wy binne fan miening dat de plaknammebuorden sa'n gefal binne, omdat der sa folle belangen mei anneks binne.

Yn it foarste plak wolle wy graach it brûken fan de Fryske taal stypje. Dat de Fryske namme dêrom op'e buorden stean moat is foar ús in dúdlike saak. Wy wolle dêr meiiens oan taheakje dat der oare belangen binne dy't fergje dat, wêr't dat needsaaklik is, de Nederlânske namme ek neamd wurdt.

Yn dat ferbân wolle wy wize op it yn jimme ried fan 19 oktober 1992 fêststelde TRAP. Oerienkomstich de yn dat plan neamde winsken nimt it toeristysk besyk ta. Der komme wat lytse kampings en ek de kuiersportferienings witte sa njonkenlytsen de binnenpaden te finen. En hawwe wy in belied om de wurkgelegenheid te befoarderjen en de bedriuwen wolle graach dat harren konneksjes harren bedriuwen sûnder sykjen fine kinne. Wy moatte klantfreonlik wêze, hjit dat hjoeddedei. Hjirmei rekken hâldend, fine wy dat ek it Nederlânsk neamd wurde moat yn dy gefallen wêr't de Fryske skriuwwize fan it Nederlânsk ôfwykt. Ek de kosten binne wichtich. Allinnich Frysk, sil trochwurkje yn de gemeentlike administraasje, mar ek bygelyks yn de administraasje fan oare organen en bedriuwen. De kosten dêrfan kinne heech oprinne, sjoch allinnich mar nei de PTT. Wy freegje ús ôf oft, ek sjoen de finansjele posysje fan ús gemeente, it akseptabel is dizze kosten foar leaf te nimmen. As wy nei in oantal oare gemeentlike winsken sjogge fine wy, dat dy fraach op dit stuit ûntkennend beândere wurde moat.

Ta beslút noch de opmerking dat yn tsien doarpen de skriuwwize yn't Frysk en Nederlânsk gelyk is. Dêrom pleitet foar in praktyske wurkwize dat yn de oare doarpen it Nederlânsk der ûnder komt. Ek in tiidslinende oanpassing fan de niisneamde administraasje hoecht dan net plak te finen. Op de efterkant fan de plaknammebuorden kin neffens ús folstien wurde mei allinnich de Fryske plaknamme. Dit besparret sa'n f 3.000,--

Wat de technyske útfiering oanbelanget it neifolgjende. Ut de by de stikken op besjen lizzende offerte docht bliken dat der fjouwer opsjes foar de ferfanging fan de plaknammebuorden binne. Wy miene dat opsje IV de bêste kar is omdat wy dêr yn ús gemeente al mei dwaande binne. Foar fierdere ynformaasje ferwize wy nei de stikken. Hjirby leit in útwurke foarbyld fan in dûbelstalich plaknammeboerd oanslutend op opsje IV.

Ta beslút wolle wy der noch op wize dat in fasearre útfiering betsjut dat der yn de gemeente noch 5 jier lang ferskillende plaknammebuorden stean sille.

Yn de kommisje A.B.S. fan 23 augustus k.l. is it foargeande bepraten.

Gearfetsjend stelle wy út:

1. op de plaknammebuorden de namme fan it doarp yn it Frysk te neamen en wêr't de Fryske namme ôfwykt fan it Nederlânsk, ek de Nederlânske namme yn in lytser lettertype der ûnder te setten, op de efterkant te folstean mei allinnich de Fryske plaknamme;
2. oan te tûgjen de plaknammebuorden en buorskipbuorden yn'e kwaliteit fan opsje IV (sjoch de hjirby hearrende offerte) en dêr in kredyt fan f 64.500,-- (ôfrûne) foar beskikber te stellen;
3. de Nederlânske plaknammen yn'e gemeentlike administraasje te hant-havenjen.

Wommels,

Boargemaster en wethâlders fan Littenseradiel,

J.O.E. Oldenziel , boargemaster.

G. Hoekstra , siktaris.

De ried fan de gemeente Littenseradiel;

lêzen it útstel fan boargemaster en wethâlders fan 31 augustus 1993, nû. '4;

heard de kommisje Algemiene en Bestjoerlike Saken;


heard it beried en de útslach fan de stimmingen yn de riedsgearkomste fan 13 septimber 1993


b e s l ú t :

1. fêst te stellen dat yn ús gemeente de Fryske plaknammen de offisjele plaknammen binne;
2. sa gau as it finansjeel en organisatoarysk mooglik is, oer te gean ta folsleine ynfiering fan de Fryske plaknammen;
3. op de plaknammebuorden de namme fan it doarp yn it Frysk te neamen en wêr't de Fryske namme ôfwykt fan it Nederlânsk, ek de Nederlânske namme yn in lytser lettertype der ûnder te setten; op de efterkant folstean mei allinnich de Fryske plaknamme;
4. oan te tûgjen de plaknammebuorden en buorskipbuorden yn 'e kwaliteit fan opsje IV en dêr in kredyt fan f. 64.500,-- (ôfrûne) foar beskikber te stellen.

Wommels, 13 septimber 1993.

De ried niisneamd,

 , foarsitter.

 , siktaris.

Bylage Fryske plaknammen yn de gemeente Littenseradiel:

Nederlansk (âld)

Baijum  
Baard  
Beers  
Bozum  
Britswerd  
Oosterend  
Oosterlittens  
Oosterwierum  
Hidaard  
Hijlaard  
Hennaard  
Huins  
Edens  
Itens  
Jellum  
Jorwerd  
Kubaard  
Lions  
Lutkewierum  
Mantgum  
Roodhuis  
Rien  
Spannum  
Waaxens  
Weidum  
Winsum  
Wieuwerd  
Welsrijp  
Wommels

Frysk (nij)

Baaium  
Baard  
Bears  
Boazum  
Britswert  
Easterein  
Easterlittens  
Easterwierrum  
Hidaard  
Hilaard  
Hinnaard  
Húns  
Iens  
Itens  
Jellum  
Jorwert  
Kûbaard  
Leons  
Lytsewierrum  
Mantgum  
Reahûs  
Rien  
Spannum  
Waaksens  
Weidum  
Winsum  
Wiuwert  
Wjelsryp  
Wommels